

Bestjoer: Gearstalling en roaster fan ôftreden (4 jier is de termyn en men kin ien kear werbeneamd wurde)	
2018 Sipke Huismans, foarsitter	nammens It Kertettekoar
2016 Warner Veltman, skriuwer	nammens Ferbân fan Fryske Foargongers (FFF)
2018 Piet Miedema, ponghâlder	nammens it âlde Kristlik Frysk Selskip
2016 Toos Reichman	nammens Beriedsgroep Earetsjinst en Tsjerkemusyk
2017 Geart van der Heide	nammens Yntertsjerklike Kommisje foar de Earetsjinst
2017 Jan J. Poutsma	nammens Deputaatskip Fryske Earetsjinsten (Frijmakke Tsjerken)
2019 Johannes Bakker	nammens de Kristlik Fryske Folks Bibleteek (KFFB)
Liuwe Westra	nijsjager

Der hawwe yn it ôfrûne jier 5 **bestjoersgearkomsten** west op ús fêste adres 'De Fikarij' yn Wurdum: 19 maaie (2016), 1 septimber, 3 novimber, 19 jannewaris (2017) en 16 maart.

Jiergearkomste 16 april 2016 yn 'De Lantearne' en de Terpstsjerke yn Akkrum (*Sjoch ferslach*)

Webstee Piet Miedema is neist syn funksje as ponghâlder ek behearder fan de webside fan Krúspunt. Hy set geregeldwei nije berjochten en ynformaasje op it koartlyn fernijde webstee: www.kruspunt.fr! Sa stiet der eltse moanne in oar liet út de bondel 'Tusken rein en Sinne' op de webside. Fierder is Krúspunt no ek op Facebook te finen. Liuwe Westra is - neist syn oare kwaliteiten - fan bestjutting as *nijsjager* foar Krúspunt.

Wurksomheden

1. Op snein 11 septimber 2016 hat yn de katolike Bonifatiustsjerk fan Ljouwert de betinking plak fûn fan de earste Protestanske Tsjerketsjinst yn Ljouwert (1566) Dizze betinking wie opset mei de Ljouwerter Rie fan Tsjerken. It Kwartettekoar û. l. f. Hindrik van der Meer wurke mei oan de tsjinst; fierder in bydrage fan histoarikus Lanmert de Hoop en ferhaleferteller Peter Vermaat. Dû. Marguerite Veen hat in koarte oertinking holden. It bestjoer fan Krúspunt hat dit yn gong set en de Stifting hat dit ek finansjeel droegen.
2. It bestjoer fan Krúspunt set har yn om Frysktalige eleminten te krijen yn de Passion (E.O.), sa' dy op Wite Tongersdei 13 april yn Ljouwert hâlden wurde sil. Yn datselde ramt wurdt der ek wurke oan in nije oersetting fan de Matteüspassy yn 'gewoaner' Frysk. Op 'en doer wolle wy ús ynsette en oanslúte by de plannen om te kommen ta in revyzje fan de besteande Fryske oersetting yn in mear hjoeddeistich Frysk fan de hiele Bibel.
3. De tariedings foar de Krúspuntdei 2017 nimme de noadige tiid. De bedoeling is om dit jier net yn Akkrum gear te kommen, mar yn de kapel fan Bloemkamp by Boalsert. Hjir hat yn it ferline nammentlik in kleaster stien en sa wolle wy, ek yn it ramt fan 500 jier Reformaasje, dy tiid betinke en hjir stâl oan jaan.
4. De plannen om te kommen mei in eigen Frysktalige Tsjerkebondel, gearstald en útjûn troch Krúspunt, wurde hieltiten konkreter. Dit soe yn 2018 syn beslach krije moatte, mar hjir sitte wol in soad tûkelteammen oan...
5. De Bernhard Smildepriis 2017 fan € 250 wurdt dit jier útloofd oan de makker fan it moaiste *jûnsljet* foar tsjerklik gebrûk. De útrikking sil plak fine op de jiergearkomste fan 22 april yn Boalsert.

Dielnimmende organisaasjes *Op dit stuit binne der 33 dielnimmende organisaasjes yn Krúspunt:*

Beriedsgroep Earetsjinst en Tsjerkemusyk	Kwartettekoar
Deputaatskip Earetsjinsten FM	Nederlânsk Bibelgenoatskip
Ferbân fan Fryske Foargongers	Protestantske gemeente Ingwert (Raerd)
FOET Sleat	Protestantske Gemeente Westerwert
FOW Dongeradiel	Pylgergroep
FOW Hjerbeam	Rie fan Tsjerken
FOW Itens	St Doarpstsjerken Lollum en Waaksens
Frysk Oekumenyske Wurkfermannen	St Greidhoekekatedraal
Greidhoeketsjerkedei	St Jabikspaad Fryslân
Hânsume Help	St Nijkleaster
Intrada	St Pommerant als Predikant
It Frysk Boun om Utens	St Tsjerkerestauraasjes Lollum Waaksens
It Nijs (ynternet krante)	St Vermogensbeheer Herv.- en Prot. Gem. te Lollum-Waaksens
Kerkblad 'De Binding' PKN Franeker	Tsjerkepaad
KFFB	Ykfe
Kristlik Fryske krite te Burgum	Yntertsjerklike Fryske Fespertsjinsten Ljouwert
Kristlik Fryske krite te Dokkum	